

# In memmesiel foar de Sterke Froulju yn Ryptsjerk

## Resinsje

🔵 Froukje Reitsema

Anja Steegstra is in amateurtenielspylster mei in soad ûnderfining. De lêste jierren docht se dit net safolle mear, want se hat har no talein op it skriuwen of oersetten en regisrearjen fan stikken. Benammen it skriuwen (se folge in kursus by Keunstwurk/Hans Brans) giet har hiel aardich ôf en dêr hat it publyk freedtejûn yn Ryptsjerk in priuwke fan krige. *Memmesiel* is dêr foar it earst foar it fuotljocht brocht troch tenielselskip Sterke Froulju, in wrâldpremjêre dus.

It stik giet oer trije froulju dy't troch omstannichheden dy't se net hielendal sels yn de hân hiene yn de finzenis belâne binne. De fjirde frou is in sjoernaliste dy't har frijwillich by de oare froulju opslute lit om in boek te skriuwen oer it libben efter de traljes. It docht bliken dat wat de froulju ek misdien hawwe as in peal boppe wetter stiet dat se mei hert en siel mem en/of dochter binne. It gemis fan bern/mem wurdt as je opsluten sitte allinne mar skrinender.

In moai tema, in ûnderwerp dêr't noch al wat gefoelens by los komme kinne. En dat barde ek. It stik joech it dúdlik oan, mar Sterke Froulju namen harren namme wol hiel ernstich: sterk! It hiele stik troch, mei ek bysûnder moaie mominten, waard mei in soad krêft nei foaren brocht. Wêr wie de ynhâlden likens, wêr wie de nuansearring, wêr wie de skamte, wêr wiene de stiltes überhaupt? Fansels, se wiene der wol, mar wat te min, dy djipgong.

Fersterkjende middels yn mise en

sêne binne ek net sa bot brûkt, spytich, dêr wie in soad te winnen west. Ek it útfinen fan wa bin ik as rolfiguer, wêrom doch ik de dingen sa en net oars hie mear syn gerak krije kind (rollobbou) en it folhâlden dêr fan. Wie regisseur Hans van Buuren benaud dat de earnst fan it stik tefolle lading

In moai tema, in ûnderwerp dêr't noch al wat gefoelens by los komme kinne. En dat barde ek

krije soe, hat er dêrom meast de bûtenkant socht? De humor (lêk ek synisme) dy't de skriuwster ynbrocht hat joech oars romte genôch foar it bûtensluten fan tefolle drama. Ien en oar hie it ritme fan de foarstelling ek in goede triuw jaan kinnen.

It dekor seach der prachtich út. Fjouwer supersterke doarren om de sellen oan te tsjuten besloegen hast de hiele efterwand, in tafel mei fjouwer stuollen derfoar, krekt, mear wie net nedich. De lofter sydkant wie foarbehâlden foar de brûs foar in gekke sêne mei echt wetter! De klean fan de spylsters hoechde net folle oandacht oan skonken te wurden. Yn de finzenis ha se allegearre itselde oan: in griis joggingpak. Makliker kin net en it moast ek net oars.

🔵 Memmesiel, troch Sterke Froulju, de Einekoer te Ryptsjerk, 90 besikers. Noch de sjen: sjoch [www.sterkefroulju.nl](http://www.sterkefroulju.nl)